

Mattéus 11: 2-11

2 En Jehannes, dy't yn it tichthús fan it optreden fan 'e Kristus hearde, stjoerde boadskip fia syn learlingen 3 om Him sizze te litten: Binne Jo it, dy't komt, offerwachtsje wy in oarenien? 4 En Jezus antwurde harren: Gean hinne en doch Jehannes berjocht wat jim hearre en sjogge. 5 Blinen sjogge wer en ûngelokkigen rinne om, guon mei hûdsykte wurde skjîn en dûven hearre, sels de deaden wurde wer yn it libben roppen en stumpers krije goed nijs te hearren. 6 En lokkich is deselde dy't it net yn 'e wei is hoe't Ik doch.

7 Doe't dy dat wer út wiene, begûn Jezus tsjin 'e omstanners oer Jehannes: Wat soene jim besjen doe't jim nei de woastyn ta setten? Reid dat soeiket yn 'e wyn? 8 Wat woene jim dan sjen? In man dy't lúks yn 'e klean wie? Sjoch, lju dy't lúkse klean drage, sitte yn peleizen. 9 Wat woene jim dan sjen? In profet? Ja, sis ik jim, en ien dy't boppe in profet út gie. 10 Hy is it oer wa't der stiet:

Sjoch, Ik stjoer myn boade foar dy út, dy't it paad foar dy reemeitsje sil.

11 Jawier, Ik sis jimme: by dy't as minske berne binne is der gjin grutteren mei in ropping as Jehannes de Doper. Mar as it oangiet mei Gods hearskippij, is in lytseftigenien noch grutter as him.

Dit is de lêzing foar Tredde Advint yn 'e jierren dat Mattéus op it lêstroaster stiet. It is wer in stik dat oare aspekten fan it oersetten sjen lit. Dizkear hawwe dy te krijen mei styl, de mooglikheden en ûnmooglikheden fan 'letterlik' oersetten, en wurden dy't wichtich binne foar it leauwe.

styl

De earste sin fan dit stik begjint fuortendaliks mei in ynlaske relative bysin. Dat is in frijwat literêre konstruksje, dy't jo yn 'e sprektal net sa gau tsjinkomme sille. Ek yn de oersetting *Lokkich binne jimme!* sille jo dy konstruksje net faak tapast fine. Mar hjir dus al. Dat is, omdat dizze sin dúdlik in bytsje yngewikkelder, mear neffens de literêre taal fan dy tiid, opsetten is. Foar minsken dy't in bytsje fan 'e klassike talen ôf witte: de gewoane manier om in sin op te bouwen troch it hiele boek hinne is, is mei ien haadtiidwurd en ien partisipium. Yn prinsipe jout it haadtiidwurd oan wêr't it yn 'e meidieling om giet, en yn it partisipium (of dielwurd) om in nûânse, in bysaak, omstannichheden of soms ek in ynlieding. Yn 'e Steate-oersetting en ek by Wumkes en Folkertsma is dat faak noch bewarre bleaun. Yn in protte hjoeddeiske oersettings wurdt dan wurke mei twa haadtiidwurden - mar jo binne dan it ûnderskied dat it Gryksk makket, al kwyt. Yn dizze oersetting haw ik faak wurke mei in ferbining mei *om te ...* In oare kear hoopje ik dêr ek wat mear oer te skriuwen.

Mar hjir steane by it haadtiidwurd mar leafst twa partisipia, en dat jout fuort in oar stylnivo. Ik haw dat besocht wer te jaan mei de bysin mei *dy't* foar ien fan beide, en dêrnei in kear *om te sizzen*. Nammers: it haadtiidwurd is by Mattéus it 'sizzen' - dêr giet de sin hinne. Mar by ús wurket it faak krekt oarsom: wy jouwe de ynlieding mei in haadtiidwurd, en wêr't it om giet plakke wy der op in oare manier oan fêst.

wat is letterlik?

Der binne minsken dy't fan betinken binne, jo moatte alles letterlik oersetten. Of yn alle gefallen safolle mooglik. Mar dan rinne jo wol tsjin dingen oan, en soms moat men jin ek ôffreegje oft letterlik altyd wol echt letterlik is.

Yn fers 3 stiet dat Jehannes fia syn learlingen wat tsjin Jezus *seit*. Dat soe men yn dit gefal letterlik oerset neame kinne. In protte hjoeddeiske oersettings jouwe hjir in foarm fan *freegje*, omdat it hjir om in fraach giet. Mar it Gryksk hat wol in tiidwurd foar 'freegje', en dat komt ek fakernôch foar yn Mattéus. As de skriuwer hjir dus sels net foar *freegje* kiest mar foar *sizze*, fyn ik yndied dat

wy dy kar respektarje moatte. Mar ... Jehannes *seit* net yn eigen persoan tsjin Jezus wat er te sizzen hat, hy stjoert syn learlingen mei it boadskip. Yn dat gefal brûke wy it helptiidwurd *litte*: Jehannes *lit* dingen sizze, omdat hy se net persoanlik tsjin Jezus sizze kin. Dat gebrûk fan *litten* is yn it Gryksk net direkt in wjergader fan, dêr *seit* Jehannes it streekrjocht. Mar yn it Frysk (en it Hollânsk) fielt dat dochs nuver oan, en boppedat: de skriuwer hat der net foar keazen om in tiidwurd lykas 'litten' wei te litten - sa'n tiidwurd bestiet der gewoan net yn it Gryksk. 'Letterlik' oersetten soe dan in nuvere of sels net korrekte sin yn it Frysk jaan, as de sin yn 'e grûntaal gewoan neffens de regels is.

Hoe moat dat yn fers 5? Dêr stiet dat blinen *wer sjogge* en dôven *hearre*. Ek dêr bin ik sa ticht mooglik by de tekst fan Mattéus bleaun. De NFBO seit dat blinen *wer sjen kinne* en dôven *hearre kinne*. Dat is fansels in oantsjutting fan deselde sitewaasje: ien dy't blyn wie, hat no ynienen it gesichtsfermogen. It leit foar de hân om dan in foarm fan *wer* te brûken, en wy sizze gau dat ien dan *wer sjen kin* - om it *fermogen* te sjen oan te tsjuten. Mar wy kinne ek sizze dat ien *wer sjende* is, of sels gewoan dat dy persoan *wer sjocht*. It komt allegear op itselde del, en in gefoelsmjittich ûnderskied is der neffens my ek net. Yn sa'n gefal hâld ik my dochs it leafste by de útdrukkingswize fan it orizjineel.

Yn 'e fersen 7 oant en mei 9 stiet in pear kear yn it Gryksk, dat de lju *derop út giene* mei it doel om wat te besjen - se wurde sis mar delset as sensaasjesikers. Letterlik is it hieltyd 'Wat te (be)sjen binne jim útgien?' De minsken geane út 'e hûs, of út 'e stêd, mei it doel om nei Jehannes de Doper ta, want dêr giet blykber in protte praat fan. Wy freegje dan ornaris 'Wêr silst hinne?' of 'Wat woeste?' It tiidwurd 'sille' en it tiidwurd 'wolle' wurde beide gauris brûkt om in yntinsje oan te jaan yn it Frysk (noch sterker as yn it Hollânsk), en wurde dan ek gauris yn 'e doetiid brûkt. Ik haw dêrom keazen foar *Wat soene jim besjen?* en *Wat woene jim sjen?* It 'útgean' of 'fuortgean' neame wy der yn sokke gefallen net by, en soks 'letterlik' derby oersette, soe in hiel gewoane fraach ûnnedich stiif meitsje.

Under dit kopke is de oantsjutting yn fers 8 wol nijsgjirrich: wêr fine jo minsken yn lúkse en deftige klean? 'Letterlik' stiet der: 'yn 'e huzen fan 'e keningen'. Mar by ús wennet in kening net yn in hûs: hy wennet yn in peleis, of teminsten op in lânshûs of in kestel. Sa'n wurd bestiet der wer net yn it Gryksk, dus de meast foar de hân lizzende oersetting fyn ik *yn peleizen*. De NFBO jout *yn keninklike peleizen*, mar dat is dus ein dûbeldop, en ûnnedige 'djoer'.

En dan noch fers 11, dêr't jo faak lêze oer *de lytste* yn it Keninkryk fan God. Mar der stiet net 'lytst', der stiet 'lytser'. Yn guon gefallen (as der bygelyks mar twa persoanen binne, en ien is 'lytser' en de oare is 'grutter'), dan meie jo 'lytser' yn it Gryksk wol mei 'lytst' yn it Frysk werjaan. Mar dat kin hjir net, want it giet hjir yn prinsipe om in grutter tal minsken. Dan betsjut 'lytser' safolle as 'ien dy't net by de aldergrutsten heart', of sa't wy dat yn idiomatysk Frysk sizze: *lytseftich* (likefolle oft jo dat no útsprekke dat it rymt op *deftich* of op *machtich*).

ôfkoarte dialoach

Eefkes tuskentroch: yn it petear dat Jezus hjir hâldt, stelt er in fraach en jout er in pear mooglike antwurden: earst twa kear in ferkeard antwurd, en dan it goeie. It twadde ferkearde antwurd (in man yn lúkse klean) jout Er sels de wjerlizzing fan: Sokke lju fine jo yn peleizen (en dus net yn 'e woastyn). Mar it earste antwurd docht Er dat net mei, alhoewol't it wol de bedoeling is dat jo dat begripe: Reid? Nee, reid stiet by it wetter, en dus net yn 'e woastyn.

De fraach is altyd, oft jo dat 'Nee' of 'Nee, fansels net' ek oanfolje moatte. Ik haw it net dien, ek al fyn ik it altyd wer lestich lêzen mei sa'n weilitten antwurd en dan direkt de folgjende fraach. Dat der in antwurd by betocht wurde moat, docht nammers wol bliken út it wurd *mar*. Omdat ik it ek yn it Gryksk net gewoan fyn, haw ik it stean litten. De NFBO hat it antwurd al oanfolle: *Nee, mar om wat te sjen ...* Foar myn gefoel is dat sa krekt net goed: it antwurd 'Nee, fansels!' of 'Fansels net!' moat syn eigen gewicht hawwe, en dan pas komt de folgjende fraach.

wichtige wurden

Twa wurden dy't wichtich binne foar it leauwe komme yn dit stikje foar. Alderearst: in wurd dat meast mei *opstaan* werjûn wurdt yn it Hollânsk. Yn it Frysk sitte wy mei de swierrichheid, dat wy *opstean* op dy manier net brûke kinne. Boppedat is der noch wat: it Gryksk hat *twa* wurden, dy't net krekt itselde sizze: it iene is etymologysk itselde as 'opstean', dus 'wer oereinkomme', it oare is safolle as 'troch in oar wekkerroppen wurde', yn it Hollânsk 'opgewekt worden'.

Oft it no al of net komt troch it feit dat de âlde Germanen net rjocht in begryp fan it hjirneimels hiene of dat it in eigenaardichheid is fan 'e Fryske taal, wy sitte hjir mei in probleem. Lang haw ik it idee hân om it 'opgewekt worden' mar oer te setten mei 'weromkomme' - yn it Frysk hawwe wy op it lêst de siswize dat (lang) ferstoarne femyljeleden op in gegeven stuit wer *weromkomme*. Mar dat joech dochs tefolle ferkearde assosjaasjes, en ik murk ek dat dy oersetting net wurke.

Dat sadwaande bin ik no útkommen by *wekkerroppen wurde* of *weromroppen wurde* of *wer yn it libben roppen wurde*. Dat is op it lêst wat it wurd yn it Gryksk sizze wol: jo binne dea, en God ropt jo wer werom yn it libben, krekt sa't ien dy't sliept út 'e sliep wekker makke wurdt. It moaie fan *roppen* is dan, dat dat yn 'e sprektaal it gewoane wurd is foar it Hollânske *wekken* - eins soene wy in *wekker* gewoan in *ropper* neame moatte ...

Nammers: itselde tiidwurd wurdt ek brûkt yn fers 11 om oan te jaan dat Jehannes de Doper as profeet troch God *roppen* is. Yn 'e measte oersettings wurdt dat wei, mar ik haw it besocht al wer te jaan. It giet der net om, dat Jehannes *op 'e wrâld kommen is* (sa't de NFBO seit), mar dat Jehannes troch God *roppen wurden is*.

Foar de folsleinens, ek al komt it hjir net foar: it oare Grykske wurd dat letterlik 'opstean' wêze moatte soe, jou ik wer mei *ferrize*, en it haadwurd dat dêrby heart mei *ferrizenis*.

Dan in oar wurd dat wichtich is foar it leauwe: jo moatte oan Jezus gjin 'oanstjit' nimme. Dat komt net allinnich hjir, mar ek noch wol op in pear oare plakken yn Mattéus foar. Letterlik wurdt dêr hieltyd in wurd brûkt dat ferbân hâldt mei in *stroffelstien*: krekt sa't Jo de foet tsjin in stien stompe kinne en dêrtroch komme te fallen, sa kinne jo jo ek oan Jezus steure en dêrtroch op 'e doele reitsje, en jo kinne ek oaren troch ferkearde ynfermaasje of ympulzen 'falle' litte. De útdrukking is yn it Evangeelje hiel gongber, mar wy hawwe der net echt ien wurd foar. Yn dit stik fûn ik de útdrukking 'ien yn 'e wei wêze' goed te brûken. Jezus syn dwaan en litten kin argewaasje jaan, en jo sa 'yn 'e wei wêze' dat jo der ynderlik lêst fan hawwe, en dêrtroch yn jins dwaan en litten de ferkearde kar dogge.